

Joeri en Menno gean op reis



Joeri en Menno gean op reis



Pieter Harmsma

Skriuwer: Pieter Harmsma
Omslachûntwerp: Pieter Harmsma
Tekeningen: Pieter Harmsma
ISBN: 9789403612126
© Pieter Harmsma

1 Menno komt foarby

It is lang lyn dat Joeri en Menno fan inoar ôfskie namen doe't sy de tsjoender besochten. Joeri sit wer foar syn hûske en genietet jûns fan it waarme waar. It rommelt yn 'e fierte en min waar is ûnderweis. In brune mûs rint ûnder de strûken wei.



"Dag Joeri", ropt de mûs, "hoe giet it mei dy?" "Dag Menno, it is lang lyn dat wy inoar foar it lêst seagen. Hoe giet it no yn dyn brune facht en wat moai datsto my komst opsykjen ". "It giet goed mei my en ik boartsje ferstopperke mei myn freonen en soms kinne se my net mear fine, om't ik no in brune facht ha. Ik bin sa bliid dat ik wer ûnder myn eigen soarte wêze kin sûnder dat ik opmurken wurdt. Dy wite facht wie eins neat.

No bin ik in gewoane brune mûs en ik fiel my frij yn de natuer”.
“Kom mar gesellig by my sitten, ik ha nog wol in lekker stikje



tsiis foar dy lizzen en dan kinne wy efkes byprate”. Joeri en Menno fertelle oer fan alles wat sy dien ha yn de tiid dat sy elk harren eigen wei gong binne. Ek helje sy noch de herinneringen op fan de foarrige reis nei de tsjoender. Dat wie wol in heul moai aventoer. Joeri seit: “Wat tinksto der fan, sille wy noch in kear tegearre op reis gean, ik wol noch wol in lange reis meitsje. In reis mei alle gearre ferrassingen en it jout neat wer hinne en hoe wy reizgje sille. Wat tinksto der fan, wy wer tegearre op reis sûnder in doel, gewoan fuortgean”. “Dat soe ik heul moai fine, tegearre op aventoer en foarôf net wite wat der barren giet. Ja Joeri, ik gean daliks mei dy mei”. “No, net gelyks hjer, wy geane

earst in nachtsje sliepen, it wurdt min waar en it giet reinen". Tegearre bliuwe sy noch bûten sitten oant de earste reindruppels falle. De loft wurdt al donkerder, it tongert yn 'e fierte en de wjerljocht ferljochtet de loft mei felle flitsen. De rein falt mei bakken del en nei in poaske wurdt it wer droech.



Joeri en Menno lizze lekker te sliepen en fernimme hielendal net dat der in ûltsje om it hûs hinne fleant, op it dak sitten giet en om him hinne sjocht. It ûltsje ropt oehoe, oehoe en fleant it bosk wer yn. It moantsje skynt, de reinwolken lûke fuort en de ûle siket in moaie tûke út om op te sitten. Der kin hij goed om him hinne sjen. De reinwolken driuwe oer it bosk hinne, grutte en lytse druppels falle noch efkes nei ûnderen en foardat de sinne

op komt, is it hielendal droech. De fûgels begjinne wer te fluitsjen en it is tiid om wekker te wurden.



Joeri hat al lekker moarnsiten klear makke en tegearre sitte sy oan 'e tafel lekker te iten. It hûs wurdt noch efkes netjes skjinmakke. Dan pakt Joeri syn knapsek, tegearre rinne sy nei bûten en begjinne oan in reis mei ferrassingen. Dat wurdt een heul aventoer.

2 Wêr gean wy hinne?

Joeri en Menno rinne it lange boskpaad ôf. “Hasto al in plan wêr wy hinne gean?” freget Menno. “Wy rinne eerst mar it bosk út



en dan oer in moai paadsje lâns de greide. It is noch betiid, mar de measte bisten binne al wekker. Wy sille sjen wat wy hjoed allegearre tsjin komme, Menno. Dat wie in lekker reintsje en it frist der moai fan op. De blêdsjes oan ‘e beammen en it gers binne wol oan in bytsje wetter ta en kleurje gelyk al griener. Moast dêr ris sjen Menno, dêr rint in ree. As ik it goed sjoch, rint der ek in lyts kealtsje by”. Joeri wiist mei syn hân nei it plak wêr it ree mei har kealtsje stiet. It kealtsje draaft heul hurt om de mem hinne. It springt en boartet yn it gers. Dan rint it nei de mem en giet molke drinken. “Wat is dat moai om nei te sjen en it

kealtsje drinkt de lekkere molke gretig op. Mem ree slikket oan it kealtsje omdat sy in protte fan har kealtsje hâld”, seit Joeri.



“Hat in ree altiid mar ien kealtsje?” freget Menno. “Meastentiids wol, mar bytiden hat sy in twilling en dat is ek moai”. Mem ree sjocht nei it springen en dûnsjen fan har kealtsje. It kealtsje hat in protte wille en giet wer nei mem om te drinken. Joeri en Menno stean noch in heule tiid te sjen nei mem ree en har kealtsje. “Wat kin dat kealtsje moai boartsje en gekke sprongen meitsje en dan giet sy wer drinken”, fertelt Menno. Dan sjocht mem ree ynienen om har hinne. Sy skrikt earne fan. Sy stiet mei de noas omheech en rûkt yn ‘e wyn. De wyn is draaid en waait oer Joeri en Menno hinne. Reeën kinne heul goed rûke maar net sa goed yn ‘e fierte sjen. Mem ree sjocht Joeri en Menno ek net